

liturgy yn Lytsewierrum

yntochtsliet: Psalm 131

fotum en groet

liet 304

gebed

1e lêzing: 2 Timotéus 1: 6-14

Psalm 119: 41 en 42

2e lêzing: Lukas 17: 1-10

liet 837: 1 en 2

preek

liet 840

gebedens

slotliet: liet 825: 1, 3 en 4

seine

1e lêzing (nij konsept fan it projekt Fryske Bibeloersetting)

6 Mei dy gedachte yn 'e holle bring ik dy yn 't sin datst de jefte fan God brânende
hâlde moatst, dy'tst by dy draachst troch it oplizzen fan myn hannen.

7 Want God hat ús net in geast fan bangens jûn,
mar fan krêft, fan leafde en fan opskerpjen.

8 Skamje dy dus net foar it boadskip fan ús Hear,
skamje dy net foar my, dy't om him finzen sit, mar nim dyn part yn it lijen
foar it evangeelje, troch de krêft dy'tst krige hast fan God.

9 dy't ús rêden hat, en ús roppen ta in libben dat oan him tawijd is,
net om ús goede deden, mar om't hy dat sa wollen hat en om syn genede,
dy't ús jûn wurden is yn Kristus Jezus al fier foar alle tiden

10 en dy't no sichtber wurden is troch it ferskinen fan Kristus Jezus ús Rêder,
dy't de dea útskeakele hat en it libben,
ja it ûnfergonklik libben oan it ljocht brocht hat troch it evangeelje.

11 Foar dat evangeelje bin ik, ja ik, boadskipper, apostel en learaar makke.

12 Dêrfoar libje ik ek yn dizze aaklikheid, mar skamje ik my net. Want ik ken
him dy't myn betrouwen is en ik bin wis dat hy by steat is om myn part
oan dy dei ta te bewarjen.

13 Do moatst as rjochtline foar heilsume wurden fêsthâlde oan watst fan my
heard hast, en dêr moatte trou en leafde by,
sa't dy by Kristus Jezus te finen binne.

14 Pas goed op it skoandere dat dy tabetroud is,
troch de hillige Geast dy't yn ús wennet.

Gemeente fan 'e Hear,

Wy kinne allegearre it sizzen dat alle oarloggen in gefolch binne fan it leauwe. Ik hoopje dat jim it mei my iens binne, dat dat ûnsin is. Net ien wol dochs de grutte oarloggen fan no en fan it jongste ferline ferklearje út leauwe of tsjerke wei? Oarloggen geane om jild en macht, sa lang as der minsken binne. Dêr is gjin tsjerke foar nedich.

Mar de fraach is net, wat hat de wrâld oan godstsjinst of religy, de fraach dy't wy stelle moatte is, neffens my, wat de wrâld oan Jezus te tankjen hat. Oan Jezus en syn beweging. By eintsjebeslút dus ek oan ús. Of yn 'e wurden fan Paulus: wat is de jefte dy't wy brânende hâlde moatte, de skat dy't ús tabetroud is?

En dan kom ik hijrop út: net de oarloch mar de frede is de grutste erfenis fan Jezus, de moaiste frucht fan ús leauwe. Ja, it is ek de persoanlike ferhâlding mei God, de iepenbiering fan fiersichten troch de Geast. It is ek in ûnthjit dat fierder rikt as de dea, in betrouwen op Gods leafde troch alles hinne. Mar dat wie der allegear al foardat Jezus kaam. Jezus hat ús frede brocht.

Jezus makket it ferskil, dat Hy syn learlingen in libbenswize meijûn hat, en de opdracht om dy oer de wrâld te fersprieden. Mei it boadskip fan ivich libben, mei de Geast alle dagen as helpende en hieljende krêft. Mar de earste kristenminskten rûnen derút. Hiel ienfâldich: omdat der ûnder har en om har hinne frede wie. En dy frede woene se fierder bringe.

De tsjerke koe wol wer ris hiel hurd aktúeel wurde. Oarloggen reitsje ús. Hoe soargje wy dat it yn en om ús gjin oarloch wurdt? As minsken der net mear komme kinne, en oaren libje yn lúkse? As de tsjinstellingen noch grutter wurde tusken regear en amtners en minsken dy't wurkje oan 'e basis? As wy te krijen hawwe mei maatregels dy't de mienskip ferniele en tsjinstellings oproppe? Presys dêr jout Jezus yn dit stik de oanwizings foar. Hoe hâlde wy de jefte brânende, bewarje wy it skoandere, de frede dy't ús tabetroud is?

De kaai is: elkoar ferjaan. Sân kear deis moatte wy God loovje, seit de psalm. Dat is noch faker as 7 x 70. Mar it is net sân kear en dan de achtste kear ophâlde, mar de hiele dei. Gjinniget dat de learlingen freegje om mear geloof. En dêr hat Jezus klear de gek mei. In mostersiedsje is al genôch om in beam yn see te plantsjen - hoefolle woene jim dan hawwe?

Wy moatte Jezus hjir net letterlik nimme. Jezus prizet oaren soms om har grut leauwe. De frou dy't him oanrekke, de heit fan 'e sike jonge. Wy hawwe yn ús eigen dagen guon hân as Nelson Mandela, en mem Teresa, en fansels ús eigen pater Titus. Minsken mei in grut leauwe. En elk fan ús ken, út doarp of femylje, ek wol minsken dy't wy om har leauwe bewûnderje. En oan 'e oare kant hawwe wy ien as de moardner oan it krús. Syn leauwe kaam ryklik let, en Jezus

hat der net lang op trochfrege. It wie in bytsje, en it wie genôch. Jezus hat him net frege om earst in beam yn see te plantsjen.

Boppedat: pater Titus hat by myn witten ek gjin beammen yn see plante. Dat is meskien ek wol net sa'n goed idee. Wy libje no yn in tiid, dat minsken miene dat se sizze moatte hokker plant oft wêr waakse mei, en hokker bist oft wêr libje mei. By ús op 'e Klaai moatte ljippen en skriezen wenje, de Súdwesthoeke is foar de guozzen, en ik haw begrepen, yn 'e Wâlden krije se de wolven. Wêrom? Tritich jier lyn wiene dy hjir net. Mar se moasten en soene hjir komme. Omdat minsken deryn leauden. Dat leauwe kloppe ek nochris neat fan. Wolven komme net by minsken, wolven falle gjin kij of hynders oan, heechút ris ien kreupel skiep dat dochs al fuort moast, en fierders rêde se harsels. No, wy hawwe it sjoen. In lyts bytsje leauwe, dat ek nochris op driuwsân basearre is, mar wy hawwe de wolf hjir al. En hy past hjir likemin as in beam yn 'e see. Jo kinne ek tefolle leauwe.

Dêrom seit Jezus: Jim moatte net mear leauwe hawwe, mar deemoed. Want tefolle leauwe makket just heechmoedich. Leau mar wat minder, mar ferjit net datst in skepsel bist. Sân kear deis ferjaan is de hiele dei ferjaan, mar de hiele dei ferjaan is itselde as de hiele dei God loovje, sa't wy lêze yn Psalm 119. Bûch dy foar dyn skepper, de hiele dei, en betink dan watst foar Him dwaan kinst. Want konlikten komme net út it geloof. Mar wol út tefolle geloof en út heechmoed.

Dan tink ik: it kloppet presys. De planeet rêde. It klimaat rêde. De wolf stjoere. It is allegear tefolle geloof, en te min deemoed. De planeet is fan God, en God past dêr wol op. It klimaat giet syn gong, sa't God it makke hat, en wy moatte ús oanpasse. En wolven binne skepsels dy't wy net yn 'e hân hawwe - dêr moatte wy hiel foarsichtich mei.

Dêr komme ek dy omkearde flagen wei. Dy binne in protest tsjin heechmoed. De heechmoed, dy't mient dat de natuer te fangen is op in kaart. Dat it klimaat in sifer is dat jo berekkenje kinne. En dat jo as regear de minsken twinge kinne om foar dy sifers te bûgen. Tefolle geloof, heechmoed. Al dy omkearde flagen, wêr komme dy wei? Net omdat de lju allegear tsjin 'e natuer binne. Mar omdat troch guon de natuer reducearre wurdt ta in kaart en in sifer.

En op basis fan dat sifer is der dan ynienen gjin plak mear foar jo. Dat de iene minske tsjin 'e oare doart te sizzen: do bist in gefaar foar de natuer, foar de planeet, foar it libben. Wêr helje jo de heechmoed wei? De planeet rêdt him wol, de natuer begripe wy de helt net fan, en wa hat ús it libben yn hannen jûn? Dan ferjitte minsken dat wy meiinoar skepsel binne. Dan wol de iene foar God spylje, en de oare kriget de rol fan 'e duvel.

Jezus seit: As God jim thús ropt, dan set Er jim echt net op 'e troan. Mochten jim wat goeds foar syn keningskip dien hawwe, dan wie dat net mear as jim plicht. Mar gean net op syn stoel sitten, want dan is de illinde net oer te sjen.

Wat betsjut dat yn 'e praktyk: sân kear deis beseffe dat jo skepsel binne en elkoar ferjaan? Alles mar oersljochtsje? Nee. Wy meie, wy moatte neame wat ús dwerssit. En dêrnei útsprekke: ik wol mei dy fierder. Mar der leit wat yn 't paad. It ferline leit nea yn 't paad. Nee, it no: men hat der no lêst fan, en dy oare docht mar krekt as is alles gewoan. Dat is ek de pine dy't wy yn tsjerke faak fan elkoar hawwe. Net it ferline, mar no.

Is it net te kearen dat der minsken komme te fallen, derby wei komme te reitsjen? Nee: it is net te kearen dat der falkûlen binne, dat der stroffelstiennen op ús paad komme. Yn 'e regel lizze wy dy der sels del. Wy binne mar hiele gewoane skepsels, en wy sjitte geduerich tekoart. Dêrom seit Jezus: gjin wei sûnder falkûlen. En soms hat it libben jin te fiter, lit ús dat ek net ferjitte, en dolt falkûlen op ús libbenspaad.

Dat moatte wy yn 'e holle hâlde. Dat moatte wy útsprekke. Au, ik stomp my hjir raar de teannen. Oei, wat hast my eefkes te fiter. Mar ik wol mei dy fierder! Hoe kinne wy dat hawwe? Ik bin net better as dy. Mar ik wol al mei dy fierder! Wolsto my helpe? Myn hân oannimme? Soargje dat wy fierder kinne? De frede bewarje dy't wy krige hawwe? Dat is deemoed. It giet net om my allinnich, it giet om my yn mienskip mei dy, en it giet om my yn mienskip mei dy omdat do en ik beide by Jezus hearre. Derby hearren makket deemoedich.

As wy deemoed oefenje, God loovje en elkoar ferjaan, ús wegen gean as bern fan ús Heit yn 'e himel - dan plantsje wy gjin beammen yn 'e see, mar siedsjes fan frede.

Amen.